

Stichting Tillehûs

Ta de nacht út waard der skrept om alles op 'e tiid klear te krijen. It like hast ûnmooglik. Mar toch...Freed 7 novimber de offisjele iepening. It gebou is "in plaatsje", hearde ik ien sizzen. Wethâlder Marten van der Veen nimt de lêste hindernis en hakket de stevige knoop troch. In pear beste slaggen, en it MFA Tillehûs is iepen! Fierderop in ferslach fan de redaksje.

Saterdei 8 novimber hâlden we iepen dei. It hiele doarp wie persoanlik útnoege. En fierder wie elk dy't nijsgjirrich wie, tige wolkom.

Minsken noch ta, wat waard it in geweldige dei!! De sinne skynde har bêst. Malletband VIOS en de Majorettes trommelen moarns betiid it doarp op om del te kommen. By de yngong spyle in draaioargel fleurige wyskes. De doar swaaide iepen. En binnen wiene troch it hiele gebou hinne allegear aktiviteiten organisearre. Fan ûnder oant boppe, fan foar nei achter.

Dokter hie alle doarren fan har moderne nije praktyk romte iepen. De thússoarch wie paraat. Boppe joech de logopediste tekst en útliz yn har moaie ljochte romte. By de fysiofitness koest test wurde en mochten de tastellen úttest wurde.

Yn de sportseal wienen de hiele dei ferskillende demonstraasjes, en oan 'e ein fan de middei mocht de jeugd de tumblebaan útbesykje.

Yn de biljertseal waarden demonstraasjes jûn, yn de middenseal wie in oersichts eksposysje ynrjochte fan Tilster keunstners. Yn de grutte seal wiene optredens fan Gedobr, popkoor de Westreen en de Tilster revue.

Der wie in speurtocht foar de bern, en koest op de foto.

It jeugdwurk spile net swak by: de bern mochten knutselje, waarden schminkt en mochten har eigen hân yn ferve, op de nije mourre sette! Yn de foyer wie kofje, thee mei wat lekkers.

Moars wie it al lekker drok, middeis wie it echt smoar drok. En al dy minsken wiene bliid en optein. Wiis mei it nije Tillehûs, en grutsk: " Och, wat is dit moai! Sa gesellich. Lúkse. Sfeervol. It liket wol oft de sinne skynt, sa fleurich dy kleuren! Deftich." It wie lof al om. Twa plakken bleaune de doarren fan ticht: de regie romte, omdat de djoere apperatuur te kwetsber is, en de keuken, fanwege de drokte. Dat de keuken wurket, waard yn de praktyk bewezen; al hoefolle gasten der ek wiene, oer de tûzend, foar elk stie der kofje of thee yn in keurich skjûn kop-en pantsje klear.

It wie sa gesellich, dat party minsken in drankje bestelden en har deljoegen op in noflike kruk, by de bar of de statafels yn de foyer.

Wy binne tige, tige grutsk op ús prachtige gebou. Wy hoopje dat we meielkoar noch lange jierren genietsje meie fan dit nije Hûs fan it doarp, dat fan en foar ús allegear is. Bêste minsken, jim kamen machtich as de miggen op ús iepen dei ôf. Wy hoopje dat jim allegear, oan't yn lengte fan jierren it paad waarm hâlde meie. Oan't sjen! !

Lys Visser, foarsitter.